

Dorpscanon van Folsgeare

Marco Rypma



© Foto Jente Hoekstra

Marco Rypma

Gerrit Rypma en Rinske Rypma-Goudberg trouwe yn 1966 en sette harren ta wenjen yn Folsgeare op Tsjærddyk 48. Op 13 maart 1967 wurdt Marten Cornelis (Marco) berne. De húshâlding bliuwt net yn Folsgeare, mar ferhuzet yn 1971 nei Tirns nûmer 35.

Met grote blijdschap en dankbaarheid geven wij kennis van de geboorte van ons zoontje
Marten Cornelis
G. Rijpma
R. Rijpma-Goudberg
Folsgare 37, 13 maart 1967

L.C. 16-03-1967



Foto Jente Hoekstra

Marco, as dirigint, foar syn bertehûs

Dorpscanon van Folsgeare

Marco Rypma

Yn 1977 komt de famylje Rypma werom nei Folsgeare en wennet dan oan'e Folsgeasterleane nûmer 9. Marco syn heit hat dêr in hûs boud.



Folsgeasterleane 9

foto Atse Bruin

Nei de middelbere skoalle beslút Marco in oplieding yn boukundige rjochting (oant en mei útfierder) te folgjen. Oanslutend giet hy oan it wurk yn'e bou en hat tegearre mei syn heit in timmerbedriuw.

Yn 1990 ferhuzet de húshâlding nei Tsjerddyk 31b.



Boubedriuw Gerrit en Marco

foto A.Bruin

Al op de legere skoalle hat Marco in soad ynteresse foar muzyk en sjongen. Op de middelbere skoalle folget hy sjonglessen oan it sintrum foar de keunsten yn Snits. Marco kriget les fan Foppe Wiersma en letter fan Bea van der Wal. Stimulearre troch Bea nimt Marco it beslút om dochs troch te gean yn'e muzyk.

Dorpscanon van Folsgeare

Marco Rypma

Bea bringt him yn kontakt mei Mya Besselink, dosinte klassike sang oan it konservatoarium yn Maastricht. Hy wurdt dêr ta syn blidens oannommen en folget de oplieding solosang en opera (1995 – 1999). Syn haadfak wurdt solosang (stemfak tenoar). Dêrnjonken behellet hy ek it diploma ‘Dramatische Expressie’ (opera).

Tagelyk studearret Marco bastuba en folget lessen by Piet Joris (1995/1997).

Yn 1999 studearret Marco ôf, mar hy giet troch mei lessen te folgjen by Adi le Gue. Boppedat wurdt hy in skoft coacht troch Caroline Kaart.

Fan 2000 ôf is hy yn it besit fan it diploma assistint koardirigint. Dizze kennis wurdt tapast as dirigint by in tal koaren. Sa is Marco dirigint fan’e kristlike mingde sjongferiening “God is mijn Lied” út Burgum, mingd koar “Sjongsum” út Warkum (2016 -2021) en it “Themakoor Balk”. Hy is tagelyk dirigint fan it bernekoar de “Mattheuszangertjes” fan’e RK parochy op’e Jouwer.

Marco is in tal jierren aktyf as sjongdosint oan it CVK “de Meldij” yn Drachten. Yn dit tiidrek wurde in tal teatrale projekten útfierd met it teaterkoar “Marcanto”.



foto
Rinske
Elsinga

Yn 2011 studearret Marco ôf as dosint muzyk oan it Prins Claus konservatoarium yn Grins. As tenoar hat hy dêrnei in pear jier yn it wurk west by de Nederlandse Reisopera.

Oant 2019 is Marco tydlik dirigint fan it mannekoar “Cantate Cum Gaudio” fan’e Jouwer.

Dorpscanon van Folsgeare

Marco Rypma

Njonken it wurk as sjonger en dirigint hat Marco jierrenlang muzykles jûn yn it fuortset ûnderwiis.

De beakens wurde wer fersetten. Marco is begûn oan de stúdzje foar muzykterapeut.

Njonken alles hat hy syn eigen lespraktyk as sjongcoach.

Syn útgongspunt is dêrby: elts minske is unyk, eltse stim is unyk. Sjonge is ûntdekke, doarre en dwaan.

In sjonger is as solist in ferteller en fertolker fan emoasje, mar kin ek as lid fan in koar in ferhaal bringe.

Marco is de inisjatyfnimmer fan it projektkoar yn Folsgeare, dat mei in soad súkses al ferskate optredens fersoarge hat. Foar de konserten siket Marco de gearwurking fan orkesten en/of sjongers en sjongeressen út Fryslân. Syn dochter Rixt en soan Gerrit sjonge regelmjittich by de troch him organisearre konserten. Der wurdt dan meielkoar songen, mar solistysk litte beiden hearre dat se de sjongkeunst, lyk as harren heit, goed behearskje.

FrieschDagblad
Vrijdag 3 november 2017

Cultuur 11

Galaconcert, opera en musical in Folsgeare

Dirigent en muzikdocent Marco Rypma uit Folsgeare treedt morgenavond in een bomvolle Laurentiuskerk in zijn woonplaats op met operazangeres Carla Maffioletti. Een projectkoor en het Bogerman Kamer Orkest verzorgen de begeleiding.

Ruurd Walinga

Folsgeare | Marco Rypma en Maffioletti kennen elkaar nog van het conservatorium in Maastricht. Ze studeerden bij Mia Besselink solozang en opera. Daarna, in 1999, verloren ze elkaar uit het oog.

Maffioletti ging aan de slag bij het orkest van Andre Rieu en later bij het Luzern Theater in Zwitserland en het Stadttheater Giessen in Duitsland. Rypma zong als tenor eerst een aantal jaren bij de reisopera en als solist in oratorium en operette. Hij keerde terug naar Fryslân en leidt momenteel drie koren: het Themakoar uit Balk, dat vooral tijdens themadiensten en missen optreedt in de rooms-katholieke kerk. Sjongsom uit Workum en de christelijke gemengde zangvereniging God is mijn Lied uit Burgum. Daarnaast geeft hij muziekles aan het Bogerman in Sneek en

heeft hij een eigen zangpraktijk. Een paar maanden geleden ontdekte Rypma dat zijn oud-studiegenote een concert gaf in Hoogeveen. Hij was benieuwd hoe het haar verging. „Se is wat bekender wurden as ik”, verklaart Rypma. „Ik hie net

De muzyk is hiel tagonklik mar dat wol net sizze dat it maklik is om te bringen

tocht dat se my noch koe, mar dat bleek wol it gefal. Nei ôfrin hiene wy in goed petear en miskien koene wy wolris wat mei inoar dwaan. Dat sadwaande.”

De laatste jaren timmert Rypma geregeld aan de weg met klassieke



Marco Rypma oefent met het projectkoor in de Laurentiuskerk in Folsgeare. Foto: Simon Bleecker

projecten in het dorps huis of de Laurentiuskerk in Folsgeare. Steevast werkt er een projectkoor aan mee (of zangleerlingen), veelal bestaande uit leden van zijn drie koren. „Foar dyn eigen ûntwikkeling is it hiel goed om sa no en dan mei wat nijs te kommen. It jout in ferdjipping yn jins wurk”, legt Rypma uit.

Het concert van morgenavond is wel het meest in het oog springende

project, vindt Rypma. Het projectkoor van circa zestig man is groter dan ooit. Voor alle partijen zong hij zelf de bewerkingen in. In vier repetities tijd moest het repertoire erin zitten. Er staat prachtige opera- en musicalmuziek op het repertoire waarin sopraan Carla Maffioletti en tenor Rypma zullen schitteren. „De muzyk is hiel tagonklik”, zegt Rypma, „mar dat wol net sizze dat it maklik is om

te bringen. Nim in nûmer as *Edwêis*. Dat kin elkenien, mar as't dat net goed bringst wurdt it saai.”

Voor de begeleiding zorgt pianist Maarten Smit uit Workum en het Bogerman Kamer Orkest onder leiding van Anne Oosterhaven.

De kerk is voor morgenavond vrijwel uitverkocht, voor kaarten mail naar: info@marcorypma.nl

Dorpscanon van Folsgeare

Marco Rypma



Konsert yn'e tsjerke
fan Folsgeare:

Marco Rypma mei
Carla Maffioletti

Carla is bekend as sopraan út it orkest fan André Rieu.

Marco en Carla ha tegearre by Mya Besselink
yn Maastricht studearre.



foto Rinske Elsinga



foto webside Carla Maffioletti

Dorpscanon van Folsgeare

Marco Rypma

Marco dirigearret ek it projektkoar “Cantate Cum Gaudio” fan’e Jouwer. Dit koar hat yn’e tsjerke fan Folsgeare in súksesfol konsert jûn.



foto: net bekend

Njonken it lesjaan en it dirigearen is Marco sjonger fan de groep Artas dêr’t Rixt wilens ek har plak fûn hat. Artas wurdt foarme troch Marco (sang), Wim de Vrij (gitaar) en Sjoerd de Vries (basgitaar). Wim studearre de gitaar oan it eardere konversatoarium yn Ljouwert. Sjoerd hat in wiidweidige ûnderfining mei it spyljen yn’e hoeke fan’e lichte muzyk.

It trio, dat yn 2016 oprjochte is, leit him ta op it útfieren fan û.o. Nederlânsktalige harksangen. Hjirby kinne je ûnder mear tinke oan lieten fan Herman van Veen, Jacques Brel en Ramses Shaffy. Ek meitsje hja graach in útstapke nei Ingelsktalich en Frânsktalich repertoire.

foto Rinske Elsinga



Dorpscanon van Folsgeare

Marco Rypma



Concert
Zondag 17 maart
15.30 uur Toegang €10,-

Muziek van
o.a. Philippe Gaubert - Carter Pann
Herman van Veen - Ramses Shaffy

**Trio Hexapode
& Trio Artas**

Museum Martena
Voorstraat 35, Franeker

seewyn
kunsteducatie
voorheen Ritmyk & Muzarthe



foto Rinske Elsinga



Marco is lieder fan 'e folkband "Folsgearster Folk". Dizze groep bestiet al mear as 25 jier!



Optreden yn Warkum

foto Rinske Elsinga

Dorpscanon van Folsgeare

Marco Rypma

Om himsels fierder op te lieden folget Marco oan it konservatoarium yn Utert de Kurt Thomascursus (2017, koardireksje) en skriuwt hy himsels yn by de “Hogeschool voor de Kunsten” yn Utert foar in applikaasjekursus koardireksje.



[websiteside Marco Rypma](#)

Solistenkonkoers yn Drylts dêr't
Marco en Rixt oan mei dien ha.

foto Rinske Elsinga



Tegearre mei dochter Rixt fersoarget Marco regelmjittich in optreden, û.o. yn'e Laurentius tsjerke yn Folsgeare.

foto Rinske Elsinga

Dorpscanon van Folsgeare

Marco Rypma



foto Rinske Elsinga

Yn Burgum mei Marco optrede mei Marco Bakker. Dit is ta eare fan it jubileum fan "God is mijn lied", it koar dêr't Marco al 14 jier dirigint fan is.

Marco sjongt, spilet piano en lûkharmoanika, mar kin ek prima oerwei mei de tuba.



foto Rinske Elsinga

Iepenloftkonsert yn Easthim, yntocht fan Sinteklaas.

Dorpscanon van Folsgeare

Marco Rypma

Troch de corona wie it yn 2020 net mooglik om op de wenstige wize de deadebetinking op 4 maaie te organisearjen. Marco hat yn'e oanpaste betinking "The Last Post" op'e tuba spile fanút de tsjerketoer fan'e Laurentiustsjerke yn it doarp.



foto Gerrit Rypma



foto Rinske
Elsinga



foto Gerrit Rypma

De hiele famylje is muzikaal.
Marco mei syn frou Rinske, heit Gerrit en dochter Rixt.

Dorpscanon van Folsgeare

Marco Rypma

Ek soan Gerrit hat in moaie sjongstim.



foto's Rinske Elsinga



Spitigernôch is Marco syn heit Gerrit op 17 oktober 2020 ferstoarn.

foto Mirjam Rypma

Dorpscanon van Folsgeare

Marco Rypma

Fia de link <https://www.youtube.com/watch?v=Fd0FhtWt2Bs> is Marco syn fertolking fan it ferneamde liet “Het Dorp” fan Wim Sonneveld te hearren yn in Fryske ferzje. It liet is troch de mannichte begeliedende foto’s in oade oan Folsgeare wurden.

Colofon

Tekst: Marco Rypma, Wytske Heida, Atse Bruin

Oersetting: Wytske Heida

Foto's: Jente Hoekstra, Rinske Rypma, Gerrit Rypma, Mirjam Rypma, Simon Bleeker , Atse Bruin, webside Carla Maffioletti**

Krantartikel : Friesch Dagblad

Webside Marco Rypma: <https://www.zanqcoachmarco.nl/>

** Yn ôfwachting fan tastimming*

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.